


4-6-'80

'T SKIEPPE- STURTSJE



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

REDAKSJE: Wyke Blanksma-v.d. Witte, till. 9487
 Sytske Dykstra-Bouwhuis, ,, 2968
 Rients van Buren, ,, 9280
 Marten Kikstra, ,, 9269
 Jan Dykstra, ,, 9498

TYPE- EN STENCILWURK: Ineke Dykstra-v.d. Meer

OMSLACH: Albert van Lingen Jr., Ljouwert

REDAKSJEADRES: Sylroede 5

BANKRELAASJE: Rabobank Bolsward; gironr. 856.829 t.n.v.
 Rabobank Bolsward, rek.nr. 3087.56.800
 t.g.v. It Skieppesturtsje, Tjerkwerd.

.....

FOARWURD:

Achte Skieppesturten,

It jier 1980 sjit wer moai op as jimme dit krantsje krije. Wy hawwe Sinterklaas wer ynhelle op it hynder en ek al wer útwuifd yn 'e "Gammele ein".

No de Krystdagen noch en dan is it wer safier: it jier is om. As wy útgean moatte fan it ûndersyk, dat west hat nei it libjen en wenjen yn Tsjerkwert, dan blykt wol, dat wy oer it algemien bêst tefreden binne en dat is mar moai, fine wy.

De Skieppesturt sil ek wer útrikt wurde op it nijjiersbal; eltsenien hat kâns om dit ereteken wer foar in jier mei nei hûs te nimmen. Set dus noch efkes troch!

Fierder wolle wy eltsenien tank bringe foar de meiwurking en leverjen fan kopy foar ús krante; sûnder dat kinne wy net.

Wy hoopje dan ek, dat wy takomme jier wer op jim rekkenje kinne.

Fan 'e redaksje wolle wy jimme noch in goed en sûn 1981 tawinskje.

M.K.

~%~%~%~%~%

Berichten van de Dorpsomroeper

- * De langste nacht staat weer voor de deur. Duistere tijden zijn in aantocht. Een bang voorgevoel waart door Europa: ontwaken uit de welvaardsdroom en opstaan voor de Poort van de jaren dertig, werkeloosheid, inflatie en geen licht aan het eind van de tunnel. Dit is nu eenmaal geen zalvende Kanselboodschap, maar hij zij zoo!
- * De afgelopen weken waren voor velen onder u weer het ontvangen van Prullaria die elkander nutteloos overtroffen.
- * Vertwijfeld vroeg menigeen zich de afgelopen zomer af wat er n.l. van de beloofde banken en de wandelroute terecht is gekomen. Nu lieve mensen bekijk het zo: wij staan met z'n allen onder de boom met Pruimen en de meesten belet de angst om er een enkele af te schudden. Waar ik mee bedoel: het zal toch gezamenlijk en spontaan moeten gebeuren. Maar zolang wij hier nog op de tak zitten zagen wij hem er nog niet af. Vele dorpsgenoten spraken er met mij over of dat ze water zagen branden.
- * Soms als mijn geest overmoedig buiten de oevers van het bereikbare treedt, zie ik aan de horizon vele nieuwe vondsten zoals Rondleiding door Tjerkwerd in de Zomermaanden voor de mensen die ons dorp aandoen zowel per boot oftewel per auto.
En wat zou u denken van een uitkijktoren op de Wandelroute?

- * In Twente is de midwinterhoorn-blazen weer aangebroken. Wij als Friezen hebben bitter weinig meer te bieden of het zou de elfstedentocht per schaats moeten zijn, maar die wordt meestal ook weer afgelast en nu kwam mij ter ore, dat er mensen in ons Gewest zijn die met ingang van 1981 het lenteloeien van de grond zien krijgen. De bedoeling: Alle Friese veehouders brengen op een tevoren afgesproken datum, b.v. de laatste woensdag van April het vee naar de weiden, men wacht vervolgens net zo lang met het melken tot de dieren uit nood beginnen te loeien. Het lenteloeien is daarmee geboren en 's avonds op de buis in Hier en Nu is Tjerkwerd de Primeur.
- * Nu wij met z'n allen weer voor een aantal vrije dagen staan wil ik er nog wel van zeggen, nl. het onvermogen om van de vrije dagen te genieten heeft iets te maken met de diepgewortelde overtuiging, dat werken moet als een soorte boetedoening.
- * Oudere mensen en alleenstaanden worden de laatste dagen van het jaar nogal eens opgescheept met bezoek van lieden die het gehele afgelopen jaar lieten afweten.
- * Op de Vergadering van D.B. waren in de Rondvraag nogal veel aan- en opmerkingen hoe het moest en hoe het niet moest in ons Dorp. Men bedenke wel dat die mensen van het Bestuur van D.B. niet gehonoreerd worden en het belangeloos doen. Het gemeentehuis in Witmarsum is hier tenslotte ook nog geen dagreis vandaan. Verder nog veel dank aan die mensen die op de bovenbedoelde vergadering en tevens de Prijsuitreiking T.W.1980 meemaakten, zowel voor hun komst als voor hun financiële bijdrage. Nogmaals Hartelijk dank!
- * Het Jongerenkoor Con Spirito o.l.v. J. Blanksma, verleende weer een 15-tal keren haar medewerking in verschillende Jeugd- en Kerkdiensten in de Regio in 1980.
- * Deze laatste berichten van 1980 wil ik dan ook afsluiten met de woorden van de Romeinse hekeldichter Juvenalis.
 - Deimus Junius:
 - Terwijl wij van bloemen en wijn, van weelde en liefde genieten, sluipt de ouderdom nabij met onhoorbare pas. Goede Kerstdagen en een Voorspoedig 1981 toegewenst door uw Dorpsomroeper.

* - * - * - * - * - * - * - * - * - *

Heel hartelijk bedankt voor
alles wat SIEBREN ha zijn
geboorte heeft gekregen.

Sietse, Thea en
Anneke Graydanus.

* - * - * - * - * - * - * - * - * - *

Bejaardesoos:

Nei't frou Buwalda alle gasten en leden in hertlik wolkom
tasein hie, memoreerde hja de opkomst fan 'e soos yn dizze
wurden: - De slachter lei it mes del, de fytsmakker plakke
net mear lekke bannen, mar dochs woene se noch wat omhannen
hawwe; der waard mûskoppe om in soos yn 't libben te roppen
en sa is it bard.

Fansels is it bestjoer al in kearmannich fernijd, mar it
draait noch goed. Se winske ús in moaie middei ta en joech
doe it wurd oan 'e sprekker fan dizze middei, de hear
de Vries út Koudum, dêr't er nei syn eigen sizzen boer is,
mar hij wie fan alle merken thús, dat ha wy wol heard.

4 Kear hat er ús flink wat wiis makke:

1. leafde is blyn;
2. de hannelsman yn rukwinen en geloven;
3. by de dokter lústerfink spylje - koe der heare
oft de lytse in jonge of famke waard - ja, in
jonge en boer, want hy krimmeneare al yn 'e
memmeskurte;
4. bôlekoerrinster.

Der siet in pauze tuskenyn en we krigen in lekker kopke
tee plus traktaasje en der waarden ús lottsjes oanbean om
de útstalling op tafel kwyt te wurden, dat troch alle
gasten jûn wie.

Nei de sprekker syn lêste optreden fan dizze middei, de
útslach fan de lotterij. De winnende nûmers waarden lutsen
troch mefr. Leestemaker en mefr. Tensen, ús gasten dy 't
it fierste weikamen en dat gie flet.

Mar fansels ek hjir as by al ús lottsjen, ien alles, de oar niks. Doe kaam it borreluurtje en koene wy frijelijk mei dizze of gene efkes lekker nijs útwikselje, tige gesellich hear en mannich gleske waard efteroer wipt.

Sa kaam de tiid foar de kofjetafel, dy't yn 'e boppeseal klearmakke wie. No in plúnke foar Sietse mei syn staf, want it wie in feest foar it each, gjin nee op tafel; keurig!

Mar om te plak te kommen, dat wie net mis, want de iene helte fan in spreuk lei op tafel, de oare helte krigen we fan Corrie Postma, dy't it útfûn hie en doe sykje mar, omtrent in slach de tafel rûn. Mar elk kaam te plak; lekker trochelkoar hutselse; pres. frege om stilte en doe koe it oangean. Wat in rykdom sa oan 'e tafel as ien fan in great gehiel, mei al it goede fan 'e wrâld op dy tafel.

Under it iten kaam der al ris ien oan't wurd mei in foardracht of bedankje en mocht pres. inkelde slúfkes yn ûntfangst nimme. Grutte wurdearring foar it opsetten fan dizze middei wie wol op syn plak. Mar oan alles komt in ein en om't er fuotbaljen op 'e kykkast wie, woe se it mar net mear rekke, tanke se elts dy 't meiwurke hie en koene wy op hûs ta.

Ut namme fan allegearre ús tank foar alles fan alle âldzjes.

P.P.

= " = " = " =

Biljartver. H.T.S.:

De comp. is alreeds weer enkele maanden bezig en er wordt verwoed om de punten gestreden; er zullen wel enkele zijn, die van een kampioenschap dromen, dat vast, maar vooralsnog zijn er verschillende die al vele wedstrijdpunten hebben vergaard. In november zijn wij als club twee avonden naar Parrega gereisd voor de dorpencomp. De eerste avond leden wij behoorlijk verlies, dit verlies werd de tweede avond weer weggewerkt, waardoor we een gelijke stand kregen van 19-19. Iets bijzonders is het, dat wij dit jaar het 10-jarig bestaan mogen vieren van onze Ver. De oprichtingsvergadering heeft ooit op 10 nov. '70 plaats gehad en de herdenking zal mogelijk plaatsvinden zo om en de bij mids maart a.s. in 't Waltahûs.

Nije ynwenners:

Bêste doarpsgenoaten,

Sa 't jim wol witte, hawwe de frou en ik in oantal moannen lyn, de moed hân, it leechsteande en hurd minder wurdende húske oan 'e Waltawei no. ... te "kraken".

Sa 't jimme meskien ek wol witte (of meskien ek wol net), hie ik, lykas ferwachte, binnen de koartste keren berjocht dat ik der op slach wer út moast. Wy hawwe dêr doe efkes om glinke en binne trochgien. Wer in wike letter tochten myn frou en ik dat it oarloch wie. Us hiele hûs wie omsingele troch mannen fan 'e "mobiele eenheid", mei helmen en grutte skylden. Nei't we fan 'e earste ferbjusterens, bekommen wiene, sei ik tsjin 'e frou: wy sille ús sa goed as wy kinne en mei alle mooglike middels fersette. En wat men yn Amsterdam noch nea rêden hat, ha wy al rêden. Alle klinkerts en dakpannen dy't ik foar hannen hie, ha'k yn 'e rjochting fan 'e M.E. smiten (de frou geaide wylst mei apel-, parré-, banane-, sinásappel- en terpelskilen), en nei in foech ûre hie 'k it wûn.

"Volbeda", seine se, "mei jo kinne wy neat wurde, bliuw der mar stikum ynsitten". Dat sadwaande wenje de frou en ik hjir no yn 'e buorren en it befalt ús tige bêst, dat ik soe sizze, kom mar ris lâns. De frou hat altyd wol kofje en ik haw altiten wol wat ûnder de kurk!

^^^
^^^

Sportvereniging Tjerkward

Het jaar 1980 loopt weer teneinde, dus het is tijd om weer even terug te blikken en vooruit te kijken.

Wat betreft de gymnastiek: voor de groep jongens/meisjes t/m 12 jr. stond voldoende belangstelling, maar voor de andere twee groepen was de animo minimaal en wel zodanig, dat wij er over gedacht hebben om deze ook maar op te heffen. Maar de animo is na de vakantie wat groter geworden, zodat er nu een redelijke bezetting is. Onze gymnasten zullen waarschijnlijk in maart a.s. een uitvoering houden.

Ook voor het kaatsen, voor zowel het competitiegebeuren als de wadstrijden, bestond redelijke belangstelling.

Voor volleybal bestond er in 1979 geen belangstelling, zodat wij dit maar niet meer op het programma hadden. Al hebben we onze ogen uitgekeken op de deelname voor volleybal tijdens het dorpsfeest. Is er misschien wel voldoende deelname mogelijk. Reakties horen wij graag op onze ledenvergadering. De ledenvergadering zal op 30 jan. 1981 worden gehouden in 't Waltahûs, aanvang 20.00 uur. Noteer dit alvast in uw agenda. Hopelijk zal ik de volgende keer wat meer tijd kunnen vinden om u wat meer informatie via dit krantje te verstrekken dan het afgelopen jaar het geval is geweest.

Tevens willen wij alle sportvrienden(innen) een goed 1981 als sportjaar toewensen, alsmede voor de overige lezers de beste wensen.

Namens het bestuur,
J. Falkena.

& & & & &

BOARGERLIKE STAN:

BERNE: Yn ús doarp waarden twa bern berne: in jonkje en in famke. Op Beabuorren kaam TONNY PAULUS op 'e wrâld as tredde bern fan Yeb en Trudy Witteveen en oan 'e Waltawei wennet no lytse PETRONELLA ANNA CLASIENA Haarsma, dy 't lykas beppe, "Nellie" neamd wurdt.

TROUD: Tagelyk mei de jierdei fan Sinteklaas gyngen GEORGE VOLBEDA en JEANET VAN DEN OUDEN de lange hier yn. Se wenje op Iemswâlde yn it hûs fan Brandt en Janke.

%/%/%

Berjochten fan 'e Oranjeferiening:

Op sneon 29 novimber kaam Sinteklaas nei ús doarp ta, dit jier net mei de boat mar op it hynder. Dy wie lykwols net wyt, mar Sinteklaas hat letter yn It Waltahûs wol útlein wêrom er op dit swarte hynder kaam. De skimmel fan de goede Sint wie t.w. de foarige jûns troch de snie & y der lei fan in dak ôfgliden en hie no in seare foet en sadwaande hie er Joh. Dykstra frege oft er syn hynder wol brûke mocht. It wie de sneons tige kâld en it waaide hurd, dat Sinteklaas hie hâlden en kearen om it spul wat te plak te hâlden.

Nei in rûnrit troch it doarp mei it muzykkorps foarop, gong it op "It Waltahûs" oan. It wie dêr tige moai fersierd mei slingers en de eigenmakke tekeningen. De tekeningen wiene allegearre prachtich en Sinteklaas en syn Piten ha der in protte wurk fan hân om de moaisten der út te sykjen. De útslach wie:

Beukers: 1. Eelke Algra; 2. Judith Falkena; 3. Sjoerd Huisman.

1e en 2e Klasse: 1. Carolien Draaisma; 2. Femmie Tiesma; 3. André Huitema.

3e en 4e Klasse: 1. Alie Feenstra; 2. Sjoukje Hylkema; 3. Rieneke Speerstra.

5e en 6e Klasse: 1. Anneke Gietema; 2. Janneke Gietema; 3. Jelle Twynstra.

De jongste dy't in tekening ynlevere hie, wie Else Huisman, 2 jier, se krige fan Swarte Pyt in hânfol pipernuten.

Der moasten fansels ek wer hiel wat dogeneaten by de Sint komme; de measten kamen der noch genedich ôf, hja moasten dan foar straf in ferske sjonge, mar inkelde krigen mei de roe foar de broek en dat hiene se dan faaks ek wol fertsjinne.

It muzykkorps begaliede de bern en de stimming siet der aardich yn. It wie in tige slagge middei. Nei ôfrin koene de bern noch efkes grabbelje en krigen in mandarijtsje mei. De jûns mochten se fan Sinteklaas allegearre de skoen opsette en dat sil fêst wol bard wêze.

Fierdersoan winsket it bestjoer fan de Oranjeferiening elkenien in noflikke kryst, in lokkich en goed 1981 ta.

J.S.B.

\$ " \$ " \$ " \$

"EENSGEZINDHEID 1922-1980:

Ofgeande simmer liet it korps har faakris heare. Op it sportfjild, wol troch de buorren en al sa mear. Mar no woene we wer it ien en oer oer it korps heare litte. It ledecantal is op it moment 33; twa learlingen krije noch les en yn 'e rin fan it oare jier komme sy ek grif wol by de kesetting, sa't wy dat dan neame. Dan komt der takomme jier ek fêst wer in oprop foar nije leerlingen.

Op 'e jûn fan 25 okt. hat it korps spile yn Makkum, dêr waard it gemcentlik "Festival" hâlden. It kofjekonsert docht it ek bêst. Dochs miene wy dit net faker as twa kear yn 't jier hâlde te moatten. Tinke de ynwenners der oars oer, dan heare we dat graach. Der steane wer inkelde aktiviteiten op stapel, û.o. it spyljen by de Krystsangtsjinst op 24 des. o.s. Op sneon 24 jan. is der in "play-inn"-dei te Tsjerkwert yn It Waltahûs foar korpsleden. De muzikale lieding is yn hannen fan Jan de Haan út Hearrenfean. In wike letter, 31 jan., hâldt it korps har tradisjonele útfiering, de jûns om 7.45oere, yn it Waltahûs. It deistich bestjoer bestiet út: Jelte Speerstra, foars.; Wiebe Bakker, secr.; Akke de Haan, penn.esse; Siep Hiemstra en Ineke Dykstra. Oant safier en leden en dirigent winsket in elts goede Krystdagen en in bêste jierwikseling ta.

W.v.A.

/ = / = / = /

Bijdragen: D. Bakker, Waltawei; Huub Witteveen, Boalsert; B. Huitema, Jousterperwei; D. en Tj. v.d. Meer, Rytseterp; H. Bergsma, Butenpost; C. v.d. Stap, Snits.

=====

Snypsnaren:

- Nico P. : ik foun Sinteklaas hartstikke moai en it wie jammer dat er melkerstiid thús wêze moast
- Henny P. en Pytsje M. meitsje op't heden in Paulus-reis
- ferfolch Pyt van Z. en Ule H. : dy klompen foar Pyt steane al lang kloar mei jild en al, mar Pyt hellet se noait. dat hat Pyt ek net mear oan tiid, want Pyt frijt dat it klapt mei Ule syn suster !!!!!
- tidens it tradysjonele ~~Rijjers~~bal wurdt de tradysjonele "Skieppesturt fan it jier" wer útrikt. de útrikking sil wêze om 10 ûre precies.
- Roelof de Jong Jr. hat in nije auto, mar der hoege wy net folle rekken mei te hâlden, want dy kin hast oeral ûndertroch.
- immen hat nou al foar de fjirde kear in bân fan Jan Blanksma syn auto leech rinne litten. in mislike streek en Tsjerkwert ûnweardich !!!!!!!!
- harkje Jo ek nei de pleatselike stjûnder Ramona ? ik soe sizze harkje mar efkes mei fan dy kant.....
- Jan B. hie hout op syn karre laden om nei van Zuiden te bringen. doe't de karre fol wie, koe er 'm net mear efter de auto krije en moast er rinne. of wie dit energiibesparring ????????
- kopy foar 15 febrewaris. en dus net letter !!!!!!!!!!!!!!!!!!!!!

[Handwritten signature]

